



## **FRYSKE FOARLÊSWIKE**

### **Algemeine ynformaasje oer projekt 'Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten'**

It provinsjaal projekt 'Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten' is in gearwurkingsprojekt fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse en de Tomke-wurkgroep.

It Selskip is it ferbân fan kriteren yn Fryslân. It Selskip hat as doel it fuortsterkjen fan de Fryske taal en it Fryskeigene yn al syn uterings.

De Tomke-wurkgroep wurdt foarme troch Afûk, Bibliotheekservice Fryslân, Cedin - Sintrum Meartaligens en Sintrum Frysktalige Berne-opfang.

It Tomke-projekt is in lêse- en taalbefoarderingsprojekt foar jonge bern (pjutten).

### **Doel**

Doel fan it gearwurkingsprojekt is om jierliks yn de **Fryske Foarlêswike** foar te lêzen oan pjutten (2-4 jier) op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders yn Fryslân om sa it aktyf brûken fan de Fryske taal te befoarderjen en it lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal te stimulearjen.

Der wurdt ek foarlêzen yn oare talen lykas: it Stellingwarfs, it Bildts, it Kloasters en it Hylpers.

### **Utwurking en koördinaasje**

Foar de útwurking en koördinaasje is in mienskiplike wurkgroep gearstald.

It Selskip hat as taak de organisaasje fan it foarlêseprojekt fia in netwurk fan kontaktpersoanen. It projekt wurdt útfierd yn de Fryske gemeenten en yn gemeenten dy't opdield binne yn wurkgebieten. Sa hat Súdwest-Fryslân fiif wurkgebieten, de Fryske Marren trije wurkgebieten, Waadhoeke trije wurkgebieten, Noardeast Fryslân ek trije wurkgebieten en Boarnsterhim, Littenseradiel en Ljouwerteradiel binne wurkgebieten.

De kontaktpersoanen ûnderhâlde de kontakten mei de foarlêzers en de pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en gastâlders. Sy binne ferantwurdlik foar de útfiering yn harren gemeente. De foarlêzers krije ynformaasje by it Tomkeboekje, de 'tips foar foarlêzen'.

De organisaasje en útfiering fan it foarlêseprojekt draait folslein mei frijwilligers.

De Tomke-wurkgroep fersoarget de materialen dy't brûkt wurde yn it Foarlêseprojekt.

### **Subsydzje**

It foarlêseprojekt kriget in bydrage / subsydzje fan de provinsje Fryslân.

Ek de gemeente Ljouwert stipet it projekt 'Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten'.

### **Tomkeboekjes**

De Tomke-wurkgroep stimulearret it lêzen en foarlêzen yn it Frysk oan pjutten en soarget derfoar dat der jierliks benei 30.000 Tomke-boekjes printe wurde. Fia ús foarlêseprojekt krije sa'n 18.500 pjutten harren boekje mei nei hûs.

Dêrneist is it boekje te krijen by konsultaasjeburo's en biblioteken. De Tomke-aventoeren ferskine ek op 'e telefyzje.

### **Fierdere ynformaasje oer it projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten / Foarlêswike:**

**Kommisje Foarlêzen Selskip: Geeske Frieswijk 0513 632989 of: foarleswike@gmail.com**